

De bleike-bloes

skreaun foar de Heiderewu fan 2002

kearsang : fisken dy heare yn 't wetter
droech is foar fisken net bêst
wisten de minsken mar better
dan lieten s' ús faaks wol mei rêst

Dm Bes7 Dm
Dm Gm A7
Dm Bes7 Dm
Bes A7 Dm

mar hyltyd wer smite se linen
mei wjirmkes oan heakken fan stiel
de stakkerds dy't dat lekkers fine
dêr snijt dan sa'n heak troch de siel

C7 F
C7 F
Bes7 Es
E7 A7

kearsang :

sjuch ik wer sa'n hufter oankommen
en 't marteltúch komt foar it ljocht
tink ik by mysels: wol ferdomme,
wat duvel hat sokken betocht?

kearsang :

wy moasten dy minsken ris lokje
mei jild út in pinautomaat
fersûpe, dan mjitte mei'n stokje
en sizze: dy 's ûnder de maat!

kearsang :